

# L I T U R G Y

foar de tsjinst

op snein 26 septimber 2021 / 2de fan 'e hjerst  
yn 'e Sint Jantsjerke te Deinum

---

~ Y N T R E E ~

Oargelspieljen

Wolkom en meidielings

BEMOEDIGING en DROMPELGEBED:

'Us help yn de namme fan de Hear' (LB 291 d)  
(I = foargonger / II = allegear)

GROET

Genede komt jim ta en frede  
fan God ús Heit  
en fan Jezus Kristus, de Hear.

**Amen.**

YNTREELIET / KYRIE & GLORIA:

'Om Jo te earjen komme wy hjir, Heit' (LB 274)

GEBED FAN 'E SNEIN

De HEAR sil by jim wêze.  
**De HEAR mei jo bewarje.**

.....  
Op dizze dei en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## ~ DE HILLIGE SKRIFT ~

TORALEZING: Deuteronomium 6,1-9

### **It grutte gebod fan 'e leafde**

<sup>1</sup>Dit binne de geboaden, de foarskriften en rjochtsregels, dy't de Heare opdroegen hat jimme te learen. Jimme moatte dêrnei dwaan yn it lân dêr't jimme nei oerstekke om it yn besit te nimmen, <sup>2</sup>datsto mei dyn bern en bernsbern dyn hiele libben lang ûntsach hawwe silst foar de Heare dyn God mei dy oan syn foarskriften en geboaden, dy't ik dy opdraach, te hâlden, datst lang libje meist. <sup>3</sup>Harkje dus, Israel en tink derom, datst dat dochst. Dan sil it dy yn in lân dat oerrint fan molke en hunich goed gean en do silst tige oanwinne, sa't de Heare, de God fan dyn foarfaars dy sein hat.

<sup>4</sup>Harkje, Israel, de Heare is ús God, de Heare allinne. <sup>5</sup>Dat do moatst de Heare dyn God leafhawwe mei dyn hiele hert en mei dyn hiele siele en mei al dyn macht. <sup>6</sup>En dizze wurden dy't ik dy hjoed gebied moatst dy goed ynprintsje. <sup>7</sup>Do moatst se dyn bern ynskerpje en der oer prate, wannearst yn 'e hûs sitst en ast op 'en paad bist, ast op bêd giest en ast derôf komst. <sup>8</sup>Do moatst se as in teken bine op dyn hân en as in bân om dyn foarholle. <sup>9</sup>Do moatst se skriuwe op de doarposten fan dyn hûs en op dyn stedspoarten.

LIET: 'Wa't earen om te hearren hat' (LB 320)

EPISTELLEZING: 1 Tessalonikers 2,1-8

### **Paulus syn wurk yn Tessaloníka**

<sup>2</sup><sup>1</sup>Jimme witte sels, bruorren, hoe't ús komst by jimme net sa mar wat west hat. <sup>2</sup>Al hienen wy, lykas jimme witte, tefoaren lit en al wienen wy mishannele yn Filippy, dochs hawwe wy yn ús God de moed fûn om jimme syn bliid boadskip te ferkundigjen, ek al koste dat gâns striid. <sup>3</sup>Want ús preekjen komt net op út ûnearlike of ûnsuvere bedoelings en wy wolle net ien bedrage. <sup>4</sup>Mar God sels hat ús hifke om ús de ferkundiging fan it bliid boadskip ta te betrouwen. Dêrom sprekke wy net om it minsken nei 't sin te dwaan, mar God, dy't ús it herte hifket.

<sup>5</sup>Wy binne, lykas jimme wol witte, noait mei fluenske wurden by jimme oankommen en likemin mei stikeme habsucht, – God kin derfoar ynstean. <sup>6</sup>Wy hawwe der net op út west om troch minsken prize te wurden, net troch jimme en net troch oaren, <sup>7</sup>al hienen wy as apostels fan Kristus ús wol jilde litte kinnen. Mar wy wienen freonlik yn jimme fermidden, as in mem dy't har bern hoedet en noedet. <sup>8</sup>Wy wienen jimme sa tagedien, dat wy hienen jimme graach net allinne it bliid boadskip fan God, mar ek ús eigen libben jûn, om't jimme ús leaf wurden wienen.

EVANGHEELJELEZING: Mattéus 22,34-40

### **It grutte gebod**

<sup>34</sup>Doe't de Fariseeërs hearden, dat Er de Sadduseeërs stil krige hie, kamen se byinoar. <sup>35</sup>Ien fan harren, in wetgelearde, frege om Him te hifkjen: <sup>36</sup>Master, wat is no it grutte gebod yn 'e Wet? <sup>37</sup>Hy sei tsjin him: Do silst de Hear dyn God leafhawwe mei dyn hiele hert, dyn hiele siel en dyn hiele ferstân. <sup>38</sup>Dat is it grutte en allerfernaamste gebod. <sup>39</sup>En it twadde stiet dêr lyk mei: Do silst dyn neiste leafhawwe sast dysels leafhast. <sup>40</sup>Dy beide geboaden hingje Wet en profeten hielendal fan ôf.

AKKLAMAASJE: LB 339c

PREEK

LIET: 'O grutte God, de leafde sels' (LB 838)

~ GEBEDEN EN JEFTEN ~

GEBEDEN

– FOARBEDEN

.....

Sa bidde wy dan:

**HEAR ús God, hear ús gebed.**

– STIL GEBED

– US HEIT

YNSAMLING FAN 'E JEFTEN

~ UTSTJOERING EN SEINE ~

UTGONGSLIET: "Oeral wenje" (LB 419)

SEINE

HALLELUJA: LB 338d